

Oprop foar de ferkiezing fan de leden fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal op woansdei 22 novimber 2023

KIEZERSPAS

Wannear kinne jo stimme?

Jo kinne stimme op woansdei 22 novimber 2023
fan 7.30 oant 21.00 oere.

Wêr kinne jo stimme?

Jo kinne mei dizze kiezerspas stimme yn alle stimlokalen
yn hiel Nederlân. Adressen fan de stimlokalen fine jo op de
webside fan de gemeente of it iepenbier lichem (Bonaire,
Sint Eustatius of Saba) dêr't jo stimme wolle.

Ferlies of skansearjen fan jo kiezerspas

In kiezerspas wurdt mar ien kear jûn. Binne jou dy kwyt of rekket
dy skansearre, dan kinne jo gjin nij eksimplaar oanfreegje.

Altyd meinimme as jo stimme sille:

- Dizze kiezerspas.
- Jo paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân.
De jildichheid fan dy dokuminten mei by it stimmen
maksimaal 5 jier ferrûn wêze.

Strikt persoanlik!

Dizze kiezerspas is allinnich jildich foar de adresearde.
Dizze pas is it bewiis dat jo stimme meie en is allinnich jildich
as jo namme en adres derop drukt stean.
Misbrûk fan dizze persoanlike kiezerspas is strafber.

STEM

Om te stimmen hawwe jo in identiteitsbewiis nedich

In identiteitsbewiis is in paspoart, identiteitskaart of rydbewiis út Nederlân. De jildichheid fan dy dokuminten mei by it stimmen maksimaal 5 jier ferrûn wêze. Op de dokuminten moat by "geldig tot" 23 novimber 2018 of in lettere datum stean.

Hawwe jo gjin identiteitsbewiis?

Freegje dan yntiids in identiteitsbewiis oan by jo gemeente.

Wolle jo in oare kiezer foar jo stimme litte?

Folje dan it folmachtbewiis hjirneist yn en jou dat - mei in kopy fan jo identiteitsbewiis – mei oan de kiezer dy't foar jo stimme sil.

Tink derom! Jou dizze kiezerspas en in kopy fan jo identiteitsbewiis allinnich mei oan in oare persoan nei't it folmachtbewiis hjirûnder troch jo en jo folmachthawwer ynfolle en ûndertekene is.

FOLMACHTBEWIIS

Dit is myn kiezerspas (myn namme stiet op de foarkant). Ik stim net sels en machtigje in oare persoan (de folmachthawwer) om foar my te stimmen. Ik haw dy persoan dêr in kopy fan myn identiteitsbewiis foar jûn.

Myn hantekening

.....

Ik machtigje de folgjende persoan om foar my te stimmen:

Namme fan de folmachthawwer:

Adres:

Wenplak:

Hantekening fan de folmachthawwer

.....

As folmachthawwer moatte jo:

- de folmachtstim tagelyk útbringe mei jo eigen stim;
- in kopy fan it identiteitsbewiis meinimme fan dyjinge foar wa't jo stimme.

Tink derom! Jo meie by de Twadde Keamerferkiezingen foar maksimaal twa oare kiezers stimme.